July 2017 Ut de 2 Doarpen Jiergong 21 Nr. 85

Doarpskrante Mûnein en Readtsjerk

SIMMERNUMER 2017

AUTOGARAGE
FENNEMA

ALLE MERKEN - REPARATIE
APK - AIRCOSERVICE
ONDERHOUD LEASEAUTO - PECHHULP

Dr. Kijlstraweg 14, 9063 JB Mûnein
(058) 256 14 08 • 06 - 21 84 04 66
info@autogaragefennema.nl

RDW BOVAG

WWW.AUTOGARAGEFENNEMA.NL

Redaksjoneel

Grytsje Dijkstra

Simmerlok

En dan is it memmedei en einlings bûtensitterswaar. Wat ha we der lang op wachtsje moatten!
Efter hûs jou ik my del mei in bakje. De klanken fan muzyk fan de tsjerketsjinst yn de feesttinte klinke op de eftergrûn. De kikkerts yn de fiver dogge ek mei. Se lizze yn de sinne op de blêden en genietsje lykas my fan de sinne. Efter de freding lizze de skiepkes rêstich en in pear lammen huppelje troch it gers. Fierderop weidzje de swartbûnte kij. Wat dekorearje hja it lânskip prachtich! Boppe it stik omploege lân giet in ljip oer de wjuk. Ik ha sa it fermoeden dat syn wiifke op aaien sit op de swarte grûn, want se wiene earst mei syn twaen. In ljip oer de wjuk efter hûs, dat haw ik jierren net sjoen. Elke kear as ik it sjoch makket myn hert in spronkje. Sa no en dan hear ik syn lûd, kiè-wi, kiè-wi... Ik neam dit simmerlok!

In bytsje **simmerlok** wolle wy as redaksje fan de doarpskrante jimme ek bringe. We hawwe allegearre tige ús bêst dien om wer in moaie krante te meitsjen. Ankie gie sa as altyd by nije doarpsbewenners del en tekene in nijsgjirrich ferhaal op, Akke hat wer wat aardichs foar de bern betocht, Geert hie it drok mei syn rubryk Drokte, ik nim jimme sa as altyd mei troch de tún en as lêste, Piet as ûnmisbere skeakel tusken alle skriuwers en oare kopij én de drukkerij, knutsele it blêd yninoar. We hoopje dat jimme dizze simmeredysje mei in soad nocht lêze sille!

Fan ôf dit plak winskje wy jimme allegearre in moaie simmer mei prachtich waar én fansels in moaie fakânsje ta!

De kopij voor de volgende krant dient vóór 19 sept. aangeleverd te zijn bij de redactie!!

Inhoudsopgave Dorpskrant "Ut de 2 Doarpen" July 2017

Redaksjoneel	3	Skiednis	24
Yn 'e kunde komme mei	4	CCR	27
Feriening foar Doarpsbelangen	7	Tsjerkepaad	27
Drokte	9	Kearn	29
Albert van der Ploeg benoemd tot voorzitter Noardlike Fryske Wâlden	10	Jeugdrubriek	30
Grutte jonkjes op lytse brommers	11	Mounestien	33
Dorpsfeest 2017	12	Puzzel	34
Túnblog	14	Tinkstien Lytse Sjoerd	35
Glasatelier van Jan Hooghiemstra	16	Skoallenijs	37
It Bûtefjild	18	't Komt in de Bus	39
Warbere Mouners Prys	19	Activiteiten	41
Drokte yn it Bûtenfjildwykein	22	Colofon	42

De inhoud van deze dorpskrant wordt ook geplaatst op www.trynwalden.nl

Yn 'e kunde komme mei… kennismaken met….

Ankie Galama

In dit nummer van de dorpskrant maken jullie kennis met Sjouke Hoogland en Akke Hoogland-van der Meer, beide 56 jaar. Twee dochters en een zoon maken het gezin compleet. Nienke is 24 en woont in Alphen aan de Rijn, Margje is 22 en woont in Utrecht. Johannes woont nog thuis en is 19 jaar. Met z'n drieën wonen ze sinds 1 maart van dit jaar aan de Halligenweg 27, in de boerderij waar Cindy en Pieter woonden.

Van Hallum naar de Mûnein

Akke komt terug naar de plek waar haar roots liggen, de Trynwâlden. Ze is de dochter van Wieger en Nienke van der Meer. 'Myn heit wie timmerman en wennet no mei myn mem yn de foarein fan wat foarhinne 'It Bûthûs' wie'. Haar broers en één van haar zussen wonen nog steeds in de Trynwâlden. Sjouke had met zijn broer een akkerbouwbedrijf en een aantal schapen. Eerder namen ze dit bedrijf over van hun vader. Pootaardappelen was het belangrijkste product, maar ze verbouwden meer.

Enkele oorspronkelijke aardappelkistjes doen nu dienst als bloembak en ze maakten er twee tuinstoelen van. '

We hiene gjin opfolger foar it bedriuw, dat sadwaande binne we der mei opholden en no bin ik ZZP-er by ûnder oaren AB Vakwerk'. De schapen wilden ze meenemen en dus werd er gezocht naar een geschikte plek, een boerderij of zo iets, met een flink stuk land erbij. 'Dat foel noch net ta, safolle wie der net te keap, oant se dit boerespul op it each hienen en doe ha se tahapt'. September vorig jaar werden ze de eigenaars en Akke's broer, Tako van der Meer van Bouwbedrijf van der Meer in Oentsjerk, renoveerde de boerderij van buiten en van binnen. Als je over de Halligenweg fietste of reed zag je een compleet nieuw dak verschijnen.

Binnen is bijna alles gestript en opnieuw ingedeeld en verbouwd. Wat een fantastische plek, ontdek ik, wanneer ik hen opzoek om dit interview te doen. Ik heb het uitzicht op het land aan de west- en de noordkant waar zo'n 80 schapen en 150 lammeren rondlopen. En sinds kort zijn ze de trotse bezitters van een paard. Ik zie ze genieten van deze aanwinst en op mijn vraag waar we de foto's gaan maken, is het antwoord eenduidig: bij en met hun paard.

Sjouke is geboren en getogen (hikke en tein) in Hallum. Hij verruilt na 56 jaar Hallum voor Mûnein. 'Hoe is dat voor je', vraag ik hem. 'We ha in moai plak krigen', is zijn antwoord. Hij heeft niet veel woorden nodig om aan te geven dat hij het hier naar zijn zin heeft. 'Ik ha noch wat lân efter de seedyk yn'e buert fan de Tempel fan Ids Willemsma op'e seedyk by Marrum. Dat ik kom dêr noch wol faak'. Afgelopen half jaar was hij veel thuis vanwege de verbouwing en verhuizing. Ik bin ZZP-er by AB Vakwerk en wurkje dan ek faak yn'e buert fan Hallum en Marrum by ikkerbouboeren. En ik ha in fêst plakje by in boer wêr ik om de 14 dagen de kij melk of ynfâl as dat nedich is. En hjir ha ik de skiep dy't dit foarjier allegeare lamkes krigen ha. Dêr moast ek wol wat by wêze'. Verder lopen er nog 11 kippen rond. 'Geen poezen', vraag ik: 'nee, dy fan Jan en Marieke fangt hjir de mûzen'..

Akke werkt al 38 jaar bij de Rabobank. ‘Ik ha oeral wol oant it wurk west, mar yn Stiens it langst. No sit ik yn Ljouwert en fanôf 1 oktober gean ik nei it Hearrenfean. It makket my net folle út hear, ik ha al op safolle plakken west’, vertelt ze luchtig

Blijft er nog tijd over voor hobby’s en andere bezigheden?
‘Ik fuotballe altiid, mar dat is no dien. En fytse mei ik ek graach dwaan. Straks wol ik it racefytsen wol wer oppakke’, zegt Sjouke.
‘Ik mei graach swimme, straks de tún wat oanpakke en we lêze beide graach’. Thrillers van Noorse schrijvers bijvoorbeeld, maar ook de krant. ‘Ik lees momenteel een prachtig boek: ‘Als je het licht niet kunt zien’, van Anthony Doerr’, vult Akke aan.
De Vlaamse politieserie Commissaris Witse is één van hun favoriete Tv-programma’s. ‘We hebben alleen NPO 1, 2 en 3 en Omrop Fryslân hoor’. Jinek of Pauw, Boer zoekt vrouw, en Flikken Maastricht komen voorbij als ik even doorvraag naar hun voorkeur programma’s.

Intussen is het kennismaken met de buurt gestart. ‘We binne lid wurden fan de buertferiening en ha in earste gearkomste meimakke’. En dan komt it Sjouke yn it sin dat syn nicht Sjoukje Hoogland hjir ek wennet, oan de Boskwei yn Readtsjerk.
Voor Akke is het weer een beetje thuiskomen. ‘Ik fiel my wol wer thús, myn heit en mem kinne maklik even lânskomme. Ik fyts ek sa nei harren ta, as ik dat wol. Se binne 83 en 84 jier’.
Ik merk dat ze het beide hier goed naar de zin hebben: ‘it foldocht goed, we ha gjin dei spyt hân’. Kort maar krachtig, maar dit zegt genoeg.
Wat betreft de toekomst: ‘earst mar even genietsje hjirre en miskien wat faker op fakânsje’, oppert Akke lachend. ‘En de tuin bijhouden en misschien aanpassen zonodig. De schuur kan aan de buitenkant nog opgeknapt worden. Maar dat komt allemaal wel’.
Als ik tegen half 10 vertrek, valt het zonlicht nog steeds door het westelijk raam naar binnen. Een prachtige plek.

Als redactie van de Dorpskrant hopen we dat jullie hier een fijne toekomst tegemoet gaan. We wensen jullie veel woonplezier in deze prachtige omgeving.

SPAR
WIERSMA OENKERK

Meer gemak
op loopafstand

Van Haersmasingel 4A • 9062 CB Oenkerk
• Telefoon: 058 - 256 11 87

Slagerij
RYPMA & ZN

UW ZELFSLACHTENDE
SLAGER

UW VLEES EN
BARBECUE
SPECIALIST

Alles tevens on-line te bestellen!!

Canterlandseweg 12 Gytsjerk
Tel.058-2561362
slagerijrijpma@planet.nl
www.slagerijrijpma.nl

Feriening foar Doarpsbelangen
Mûnein /Readtsjerk

BHV-reanimatie en AED cursus

Wiebe Meijer

Op 30 mei had de Feriening foar Doarpsbelangen een BHV-reanimatie en AED cursus georganiseerd. Dit was tot stand gekomen in samenwerking met onze dorpsgenoot Erwin Duursma.
Erwin, die voorzitter is van Stichting Fryslân Hartveilig, was bereid om samen met Feriening foar Doarpsbelangen dit te organiseren. Er waren 13 aanmeldingen vanuit Mûnein en Readtsjerk.

De cursusleiders waren Klaas Bergsma en Piet van der Schors van Stichting Reanimatie Leeuwarden en omstreken.

De cursus bestond uit theorie met foto's en filmmateriaal en het reanimeren met oefenpop met en zonder AED.

Ook de Rautek greep, stabiele zijligging en de Heimlich methode kwamen aan de orde.
Het was een interessante avond, waar ieder kon beleven hoe belangrijk het reanimeren en AED gebruik is en daarmee een mensenleven te kunnen redden.

De cursus leiders werden bedankt met een bos bloemen voor hun uitstekende uitleg waar ernst en humor elkaar afwisselden.
De cursisten krijgen allen een reanimatie- en AED diploma toegestuurd, hiermee kunnen zij zich aanmelden bij HartslagNu.
Dorpsbelang bedankt cursisten, Erwin Duursma, Klaas Bergsma en Piet van der Schors voor hun inzet.

Nieuwe voorzitter Feriening foar Doarpsbelangen

Uitzen de Vries

Tijdens de jaarvergadering van Feriening foar Doarpsbelangen in april van dit jaar ben ik in het bestuur gekozen als voorzitter en neem ik het stokje over van Doede Santema.

Ik ben Uitzen de Vries, geboren in Readtsjerk en op mijn negende verhuisd naar Rinsumageest aan de Tuskenmarren, waar ik een ruilverkaveling boerderij heb overgenomen van mijn ouders.

In 2012 verhuisde ik met Binny en de kinderen terug naar Readtsjerk, waar we vier jaar hebben gewoond. Onze zoon Gaatze bleef op de Tuskenmarren, dochter Sytske trouwde vanuit Readtsjerk en woont in Oostrum en zoon Sjoerd woont op de boerderij in Readtsjerk. Vorig jaar gingen Binny, onze jongste dochter Afke en ik naar Mûnein en kwamen we naast Doede en Janneke Santema te wonen. Dit stekkie willen we de eerste 25 jaar niet weer verlaten. Door een interne verbouwing hebben we nu een levensloopbestendige woning waar we jaren mee vooruit kunnen.

Ik ben dagelijks nog werkzaam op de boerderijen van onze zonen Gaatze en Sjoerd. Thuis in en om huis probeer ik de ‘puntjes op de i te zetten’ (dat kan nog wel een jaartje duren).

Verder rijd ik regelmatig met de paardenkar achter de auto en de pony van Afke naar de manege.

Zodra ik meer vrije tijd krijg kan ik mijn hobby’s familiegeschiedenis en geschiedenis van de omgeving weer oppakken. Want dorpsbelang, politiek en mijn vertegenwoordiging in de Nederlandse Melkveehouders Vakbond (NMV) vragen de nodige tijd.

We hebben al een paar bestuursvergaderingen gehad van dorpsbelang, met B en W van Dantumadiel gesproken, een plenaire zitting gehad in Burgum met B en W van Tytsjerksteradiel en de opening van de vaarroute in onze omgeving bijgewoond.

Voor Dantumadeel’82 ben ik fractiesecretaris en voor de NMV ben ik betrokken bij de kaderrichtlijn water en de provinciale veenweidevisie.

Voor alle drie functies heb ik met politiek en volksvertegenwoordigers te maken en ik ervaar dit als een uitdagende en leuke bezigheid. Daardoor hoop ik zo mogelijk wat invloed uit te oefenen op denkrichting en beleid.

Drokte

Geert Knobbe

Panna Knock-out toernooi

Het Panna Knock-out toernooi dat plaats zou vinden op woensdag 7 juni ging vanwege de regen niet door en werd uitgesteld naar woensdagmiddag 21 juni.

Tien kinderen zetten hun beste beentje voor in de Pannakooi bij It Kruirêd. Vanwege het hele warme weer is het zwembad waarschijnlijk ook een trekpleister. De juffen van school en enkele ouders staan enthousiast langs de lijn om de kinderen aan te moedigen. Op één moment moet de fotograaf duiken, anders had de bal de camera geraakt. Zo fanatiek wordt er gespeeld.
In het kader van sportstimulering een erg leuke activiteit.

Hutten bouwen

Ja, het was zaterdag 24 juni een feestelijk getimmer bij dorpshuis de Mounestien.

Er mochten hutten gebouwd worden. De bouwvakkers zetten eerst de “muren“ op zijn plaats. Vervolgens werd de boel aan elkaar vastgespijkerd.

Dan zie je al gauw dat de dames gaan inrichten: spijkers slaan voor de kapstokken, jassen ophangen. Tussendoor in de pauze een ijsje eten. Het optrekje werd tot besluit zelfs van een dak voorzien! Leuk was ook dat meerdere dorpen hier samen werkten. Het werkvolk kwam uit Mûnein, Gytsjerk en Oentsjerk. Wat is er dan mooier dan deze klus af te sluiten met gezamenlijk pannenkoeken eten?

Dat afsluiten viel niet mee: volgens de werkopzichters waren de bouwers niet naar huis te krijgen……
.

Skieppeskearen
Us fotograaf Ankie Galema kaam dit tafriel tsjin op de Halligen. Op de langste en hiel waarme dei fan 2017 rekken dizze skiep sa harren jas kwyt.

Albert van der Ploeg benoemd tot voorzitter Noardlike Fryske Wâlden

Albert van der Ploeg benoemd tot voorzitter Noardlike Fryske Wâlden
Albert van der Ploeg (58) uit Readtsjerk is benoemd tot nieuwe voorzitter van de vereniging Noardlike Fryske Wâlden (NFW). De algemene ledenvergadering stemde dinsdagavond 20 juni in met de benoeming van de ervaren bestuurder tot het boegbeeld van de agrarische natuurvereniging. De leden waren bijeengekomen in It Readtsjerkje in Readtsjerk, de woonplaats van Van der Ploeg.
Van der Ploeg is naast zijn werk als wethouder van de gemeente Dongeradeel hobbyboer en hij doet aan particulier natuurbeheer. De bestuurder is ruim zeven jaar wethouder in Dongeradeel, daarvoor acht jaar in Dantumadiel en was leerkracht aan AOC Friesland. Hij beschikt over een breed netwerk, een bestuurlijke antenne en heeft voldoende vakkennis van agrarisch natuurbeheer. Vandaar dat de leden unaniem konden instemmen met zijn benoeming tot nieuwe voorzitter. Van der Ploeg gaat verder als deeltijdwethouder en zal zich voor een groot deel van de werkweek inzetten voor de vereniging NFW.

De Noardlike Fryske Wâlden is een vereniging van zes afdelingen in Noordoost-Fryslân, waarin bijna 800 leden, boeren en particulieren aan agrarisch natuurbeheer doen. De NFW zet zich onder andere in voor 3600 kilometer elzensingels en houtwallen, honderden pingo's en dobben en ruim 2800 hectare weidevogelbeheer. Een professioneel bureau in Burgum voert alle administratieve handelingen uit voor de leden.

Albert van der Ploeg krijgt de 'voorzittershamer' van de agrarische natuurvereniging Noardlike Fryske Wâlden uitgereikt door vicevoorzitter Wout van Vulpen

Grutte jonkjes op lytse brommers

Hans Dijkstra

It is earste peaskedei en sa as altyd makket de soleksklup him wer op foar in tocht nei it suden.
De reislieder hat it mar drok, no wer mei syn nijste soleks app foar de rûte nei Appelskea mar gek genôch wol fia Driezum en Wâlterswâld.

Foarop Jeroen en Tabe, hja wisten it earste stik fan de tocht út de bleate holle.

Dieter is sûnder moffen útein set, mar de hovenier Johan en flierrenspesjalist Enne hawwe de fingerseinen bot ynpakt.

Arjen en Pieter, de blues brothers fan dizze gesellige klup hawwe de dei fan harren libben, de mûlshoeken skuorre hast út sa'n wille hawwe dy twa.

It wie foar de klup in moaie lange rit, mei meastal de wyn yn de reach en fia Skûlenboarch, Eastermar, Droegeham, Houtigehage binne hja yn de Haule by Tante Nel delstrutsen.
Op twadde peaskedei binne hja thús brocht yn in feewein, neffens de mannen sa grut dat der ek wol fyftich soleksen yn koene. Sa as altyd is der minder benzine trochgien as bier.

Slagge Doarpsfeest 2017!

Janke Wiersma-Bosma

As doarpsfeestkommisje sjogge wy werom op in tige slagge doarpsfeest. Oer belangstelling en it waar hiene wy net te kleien.
Wy hiene in alsidich programma, mei it suksesfolle volleybaltoernooi op de tongersdeitejûn. Derneist binne wy tige te sprekken oer de freed mei de band Prime Suspect. Spitigernôch koe de band Virus net komme troch stimproblemen fan de sjongeres. Mar ek mei de band Prime Suspect is it in fantastyske jûn wurden. De sfear wie goed, it wie feest!
Sneon hiene wy foar it earst de kofferbaksale. Der hiene wol wat mear minsken by kinnen. Mar de minsken dy't der wiene fûnen it leuk! Folgjend jier wolle wy sjen of wy it wer mooglik meitsje kinne en hoopje dat der dan mear minsken meidogge.
Dernei wie de demo fan de Brandweer Gytsjerk, folge troch de spultsjes en it matinee mei Trienes en DJ Sybren. Jong en âld wiene op it feestterrein en diene gesellich mei!
De snein is it feest ôfsletten mei in tsjerketsjinst.
Op dizze en de folgjende side stiet in koarte sfearympresje fan it feest 2017!

Tige tank ynwenners en sponsoren!
Ek dit jier wolle wy mei dit skriuwen witte litte dat dit alles mei mooglik makke is troch jeften fan jimme allegearre, ynwenners en sponsoren, wêr't wy dan ek tige wiis mei binne. Wy brûke jimme jeften foar de muzyk, mar bygelyks ek foar de kermis en de oanklaaiïng fan de tinte.
Foarearst in noflike simmer tawinske!

Doarpsfeestkommisje Mûnein en Readtsjerk.

Janke Wiersma-Bosma, Ypie Duursma-Groenewoud, Anita Reintjes, Jan van den Berg, Marijke Havinga, Siete Stoker, Sijke van der Ploeg, Eelke Kuipers en Bob van der Wal (kroechbaas Mounehoekje).

DREES-EVERTS
DAMWOUDE

Túnblog simmer

Grytsje Dijkstra

Yn de lêste túnblog naam ik jimme mei nei de eftertún wêr't in stik wyldernis teamd wurde moast. No dat is slagge. Om't wy ein maart mei fakânsje soene wie der ek in streefdatum. Foardat we op reis giene moast it stik om. Dus de mouwen opstrûpe en túnomkeare. Oan'e skep. Stikje foar stikje wurken we tegearre de foarhinne wylde blommetún wer swart. Sûn wurk, neat mis mei, lekker yn de bûtenlucht. Op de knibbels om dêr dan wer de fiter út te sykjen. Wat siet der wat yn!

De beleanning fan dit swiere wurk is it ynplantsjen. In ritsje nei Eenrum nei De Kleine Plantage levere wer wat bysûndere planten op. Moaie pearse Floxen, Lanium orvala, in soarte fan dôvenettel mei hiel moai blêd, in Strúkclematis. It begjin wie der.

Ek noch mar op in middei nei de Kruidhof. Dêr fûn ik einlings in pears/ blauwe Skoarwoartel (smeerwortel). Ferliene jier kocht ik wat rose-eftige. Mar doe al socht ik dizze. Myn middei koe net mear stikken.

In alderaardichst adreske is ek altyd de ferkeap by in pleatske op de Simmerdyk tusken Hurdegaryp en Burgum. Grutte potten mei fêste planten yn alderhande soarten en kleuren foar € 2,- it stik. In aardich priiske en de grutte pollen folje de tún moai. It stik hat hiel wat nedich en it moaiste yn sa'n grut stik is it meitsjen fan grutte groepen fan deselde planten. Tuskentroch kin dan ris in ienling stean sa as in geweldige hjouwerplant, wêrfan ik de namme kwyt bin. De aren stean op lange stâlen die't wol oardel meter heech wurde kinne. As de sinne der jûns op skynt lykje se wol fan goud en as it waait bewege se sierlik yn de wyn. It wie sa'n plant wêr't ik fuortendaliks fereale op wurde doe't ik him seach by Andries van Kammen. Sa gie it Andries by de kweker ek fertelde hy my entûsjast.

Sa stadichoan rekket de boarder al aardich fol. Yn de linkerkant haw ik ferliene jier Scabiosa columbaria butterfy blue (schurf- of duifkruid) plante. It is in leech plantsje mei pearse blomkes op lange stâltsjes. In echte flinterplant. Ik telde fannemoarn wol tweintich flinters op, wat sil it wêze, in fjouwerkantemeter. Faaks sykje ik om planten die't flinters en bijen oanlûke. O sa belangryk foar it ekosysteem. Foar de oare kant haw ik no ek mar wat in stik of wat oanskaft en de earste flinters kamen der al gau op ôf. Derneist stiet Nepeta (kattenkruid) en op die planten gûnzet it fan de bijen. Bliid bin ik as myn Gaura lindheimeri whirling butterflys bloeit, de blomkes binne krekt flinters en de plant bloeit oan de winter ta. Oerhâlde is wol wat in probleem, dus gewoan opnij oanskaffe. Ik kin him net misse, it is sa'n moaie simmerplant.

De fjouwerkantemeterbak die't wat fergetten yn in hoekje stie hat ûndertusken in boaiem krige en stjit no op poatsjes, wat is it in geriif! Gjin slakken en gjin ûntúch mear wat altyd troch it woarteldoek hinne of bylâns krûpt. Gau haw ik der grienteplantsjes ynset, kropslaad, wat oare soarten krolslaad, andyvje, blomkoal. De earste slaad ha we al op en we moatte der no al tsjinoan ite, sa hurd waakset alles, de blomkoal stiet der ek moai foar mar groeit gelokkich wat stadiger. Op de lege plakken haw ik al wer nije plantsjes set.

Mei it moaie waar groeie de hagen ek omraak dat dêr moat de hageskjirre sa no en dan efkes oerhinne. Ek de klimmerblêd fleant as in tierelier. Snoeie nei de langste dei haw ik goeie ûnderfining mei. Dan is de measte groei der wol út en dat skeelt yn it wurk. Want ja, in tún is moai en der is altyd wol wat te dwaan, mar in tún is ek om yn te relaxen en lekker te sitten. Al falt dat my wolris dreech....

Ik strún al wer troch de boekjes want de tún foar hûs moat ek ris oanpakt. Sa lang al sjoch ik út op de buxushagen, die meie om my sa stadichoan wolris nei it stoart. Troch de jierren hinne is myn foartún middeis yn it skaad rekke en de planten die' t ik eartiids plante ha fiene dêr neat oan. Och en ris in nij plan meitsje soarget faaks ek foar lucht en romte.

Yn de tún is ek spul wat wolris in bêste snoei en knipbeurt ha kin. Alles mar wat oan de wolken ta groeie litte is wol maklik túnierkjen, mar op't lêst wurdt it in suterich útgroeide boel. Yn it nijjier moatte we dêr mar ris in set fan ha.

Jimme snappe it, ek dit túnferhaal kriget in ferfolch, oant de oare kear!

Uw totaal installateur!

D. de Vries & Zn.

loodgieters-en installatiebedrijf

Lood- en zinkwerk
Sanitair
Gas en water
C.V.
Elektro
Dakbedekking

Boerfinne 7 9064DG Aldtsjerk
058 256 1355 www.devriesinstallatie.nl

Glasatelier van Jan Hooghiemstra in Oentsjerk, 2

Kunst in zicht nr. 16, ©Gerhild van Rooij

In het voormalige bedrijf A aan de Wynserdyk 20, Oentsjerk van de in 1962 opgerichte Internationale Praktijkschool voor de Veehouderij en het Weidebedrijf of praktijkschool, kwam bedriuwenpleats 'It Aventoer'. Antje en Gerke Postma verhuurden er ruimtes aan ondernemers en kunstenaars. Jan Hooghiemstra had er in 2006 zijn glasatelier. Het echtpaar Postma bood er ook dagbesteding en -opvang aan voor mensen met een beperking, met de mogelijkheid tot logies of deeltijd wonen.

Op 7 november 2015 opende je jouw atelier op Rengersweg 94. Voor de grote glasoven was het elektriciteitsnet zelfs aangepast en zat Oentsjerk even zonder stroom.

'In 2014 wilden Antje en Gerke extra woonruimte creëren. Huurders konden zich een jaar oriënteren, dat gaf behoorlijk stress. Durk en Melly van Bouw- en Hobbycentrum It Bûthus (sinds november 2016 woon- en kadowinkel KA&KO uit Wyns) kenden me. Ze mailden dat ze hun opslag wilden verhuren toen ik al bijna in het logeergebouw van 'de praktijkschool' aan de Sanjesreed was getrokken. Het casco gaven we een glazen pui, daarmee hadden we prachtig uitzicht en licht. Met de extra wanden in de ruimte is het glasatelier ideaal voor het maken van vrij werk en opdrachten. Mijn vrouw Atsje, die les gaf in het speciaal onderwijs, geeft ook glasworkshops. We dragen graag onze kennis over als mooie ervaring, compleet met koffie en cake. Ik vertel over glas, het zonder kwast schilderen met glaspoeder vermengd met vloeistof of het fusen (smelten) en snij standaardvormen voor raam- of tuinsieraden in vogel- of vlindervorm, klokken, hangend of in standaards. Er kunnen ook schalen of waxine-lichthouders gemaakt worden. Wij moeten echt de agenda vrijhouden voor de designweken of vakanties, anders lopen we vol met één tot twee workshops per dag'.

Er staat ook kleurrijk glas, rond en ruitvormig in gebogen betonvlechtdraden?

'Die standaards voor werk van cursisten zijn gemaakt door betonvlechters van de Leeuwarder Buig-& Vlechtcentrale, een klein betonstaal-verwerkingsbedrijf. Die jongens vlechten de hele dag staal om te verwerken

in viaducten, bruggen en meer betonconstructies. Ze hebben nog nooit een galerie van binnen gezien en hebben helemaal niets met kunst. Ik probeer ze niet over te halen, maar heb ze hier uitgenodigd, met een biertje een avond gezellig zitten. Daar houd ik van, sfeer, ook als mensen alleen of met minder dan zes in het open atelier workshops volgen, of in groepen tot 35 personen komen op familiedagen of personeelsuitjes. Het leuke is, we zijn laagdrempelig en rolstoeltoegankelijk. Daardoor komen mensen sneller hier. Onze workshops zijn niet alleen voor creatievellingen, iedereen maakt iets wat uniek is en blijvend'.

De tafel nodigt uit

'Trek eens aan de tafella?' Ik trek aan de porseleinen knop en zie een sok. 'Voel maar, vol geluksteentjes. Als ze te lang in het daglicht komen, loopt het geluk eruit. Het is toch mooi dat je snel iets uit een doos, broekzak of onder je kussen weghaalt voor wat verbinding met geluk op een moeilijk moment. Voor de opening van dit glasatelier dacht ik, het is nog iets te kil. Omdat thuis iedereen graag bij de houten tafel aanschoof, nam ik die en de stoelen mee hierheen. Het werkte, mensen gingen kletsen.

Toen Atsje de campingtafel zat was en de tafel terug moest, vond ik via marktplaats deze tafel en stoelen bij een hotel in Noord-Holland. Later kocht ik schoenen bij Stadtmüller en vroeg waar hun vloerkleden vandaan kwamen. Ik belde die zaak. Met dit grote kleed uit Frankrijk eronder is het af. Ik stuur graag, ook onze bus, maar als Atsje denkt, het gaat de verkeerde kant uit zegt ze dat meteen. Het botst wel eens, maar haar helderheid is goed.'

Je zandgegoten caravan op stalen wielen staat op je site.
'Ik had een Olympus en fotografeerde graag, ook veel voor tijdschriften als Panorama, waarvoor ik een reportage maakte over vastgoedmagnaat Jopie Kooistra bij hem thuis. Zelf ontwikkelen en afdrukken was het helemaal. Toen die digitale camera's kwamen, was ik helemaal van het padje. Na een paar jaar kocht ik maar een Olympus digitaal. Misschien een maandagochtendmodel, niets lukte. Fotograferen lag weer stil. De specialisten Erik en Petra Hesmerg uit Sneek fotografeerden mijn glas tot ik het weer zelf wilde doen. Ik kocht een Canon camera: fotograferen werd weer leuk'.

Welk werk bleef voor jou bijzonder of dierbaar?
'Een klein object dat ik exposeerde in een kasteel in Horn (Limburg), een heel fragiel glazen mannetje bovenop natuursteen. Ik snap niet dat ik het verkocht, ik had het moeten houden'. Omdat het een begin was, Jan? 'Dat zou kunnen. Die stoere natuursteen met dat kwetsbare mannetje raakte me, al vind ik het heel raar om dat van je eigen werk te zeggen. Je kunt werk maken, dan is het goed of zo, maar met minder impact voor jezelf. Dat hebben anderen ook. Laatst zagen mensen iets op de flyer en kwamen het kopen, toen de vrouw het hier zag, huilde ze'.

Geraakt
In onze galerie gebeurt dat ook, Jan. Met mijn eigen beeldende werk maakte ik het eveneens mee.
Ik kan zelf ook heel diep geraakt worden door kunst, zoals je caravan uit de internationale expositie 'Ovengevormd glas on tour' in Museum Haren in Heerenveen (2016). Het leek of die caravan veel had meegemaakt. Die bracht je naar het glas dat jou

naar het uitvoerend kunstenaarschap leidde waarnaar je verlangde en waardoor je jouw passie voor glaskunst kon combineren met - zoals jij zegt - je liefde voor mensen. Die caravan voor vakanties bracht je ver van de zwaarte en druk van het bestaan en schoolleven in de natuur, én bracht jou en je grafmonumenten op hun bestemming.

Heb je nog wensen?
'Blijven spelen. Ik heb geen kleuterschool gehad, misschien dat ik daarom met glas wil blijven spelen. Ik zou wel eens in Zweden willen exposeren, dan is de cirkel rond'.

Aldtsjerk, Oentsjerk, Gerhild van Rooij
Bronnen: janhooghiemstra.nl;
matthijshooghiemstra.nl, itaventoer.nl/,
http://lbvc.nl/ en hesmerg.nl/

It Bûtefjild

Pyt fan de Polder (Behearregisseur Noardlike Fryske Wâlden It Bûtefjild)

It Bûtefjild is in iepen gebiet wat tusken de wâlddoarpen as Feanwâlden, Damwâld, Broeksterwâld en de Trynwâlden yn leit. It is in feangebiet en leit in stik leger as de omlizzende gebieten dy't mear op sânkoppen lizze. Sadwaande streamt it wetter ek altyd nei it lege stik ta en hat iuwen lyn it fean foarme. Troch de nij-moadrige gemalen hâlde de minsken it hjir drûch. Destiids wie it ien grut sompe gebiet en stiene by't winter grutte parten ûnder wetter. Unlân waard it wol neamt en men koe der neat mei. Alles waard mei de pream ferfart en men hie in hûd fol wurk om in pear sinten te fertsjinjen.

Yn de jierren sechstich binne de ferhegingen ûntstien dy't hjir en dêr yn de greiden te sjen binne. Yn dy tiid is der in protte ôffal de grûn yn gien. Soks soe no net mear plak fine kinne.
Ofrûne winter binne der op plakken wol beammen kappe. Dit is bart yn't ramt fan de greidefûgel beskerming. Hege beammen binne mooglike nêst beammen foar de rôffûgels en om dizze fûgels te ûntmoedigjen binne de beammen út it lânskip ferdwûn.
Krekt as de lange beamsingel fan popelieren, in pear jier lyn. Dernei binne der wer mear greidefûgels kaam.

Hjoeddedei hat It Bûtefjild in agraryske funksje. Der buorkje trije yntinsive molkfeebedriuwen, trije skieppehâlders, wêrfan ien ek kij fokt foar it fleis en noch in fee-opfang bedriuw mei in diel eigen natuerbehear én is foar in part by de Noardlike Fryske Wâlden oansluten. In oare skieppehâlder hat nelst syn eigen natuerbehear ek noch in tuorrebout kwekerij.
Allegearre bedriuwichheid en dan falt in grut part fan de greiden, beheard troch seis boeren, ek noch ûnder it kollektyf natuerbehear fan de Noardlike Fryske Wâlden.

Yn It Bûtefjild binne trije fûgelwachten aktyf dwaande om de boeren te helpen mei it greidefûgelbehear. Dat binne de wachten fan Ikkerwâld, Feanwâlden en Trynwâlden.
De wacht Feanwâlden hat it grutste part te beskermjen.
De frijwilligers spanne harren yn om de nêsten te beskermjen by it lânwurk, de noadige registraasjes en tellingen troch te jaan oan de BFVW om sa te sjen hokker behear der tapast wurde kin om in goed greidemozayk te krijen. Dit mei as doel om de greidefûgels de kâns te jaan om te oerlibjen en harren jongen sa folle mooglik fleanfluch te krijen.
Wolle jo hjir mear fan witte of frijwilliger wurde fan in fûgelwacht bygelyks Trynwâlden, nim dan kontakt op mei de wacht by jo yn de buert.

Der binne ek wol boeren dy't in iepen dei organisearje om wat mear bekendheid te krijen.

Op 26 maaie hat Bram Kloosterman, mei stipe fan Campina, syn bedriuw iepen hân foar it publyk. Dan kin men in byld krije fan in yntinsyf molkfeebedriuw wat ek each hat foar greidefûgelbehear.

Sa wie bygelyks by skieppehâlder Hessel Boersma koartlyn elk wolkom om it bedriuw te besjen. Fûgelwacht Trynwâlden en de Noardlike Fryske Wâlden wiene ek oanwêzich.
Hessel kin jo alles fertelle oer syn wize fan buorkjen, oer it gebrûk fan Bokashi, in middel om it boaiem-libben te ferbetterjen. Dêroer én yn kombinaasje mei syn leafde foar de greidefûgels, kin hy enthousiast fertelle.
Eins is it ien grut gebiet wat ynrjochte is foar de natuer. Want Staatsbosbeheer en It Fryske Gea omklammet It Bûtefjild mei harren diels tagonklike natuerreservaten, ferbûn mei moaie kuierpaden en boatsjerûtes. Ek de haven fan Mûnein is hjirmei ferbûn. Sa wurdt der mei in beheinde foarm fan toerisme rekken hâlden.
In bysûnder gebiet en sa tichte by hûs.

Warbere Mouners Prys

Namens Feriening foar Doarpsbelangen, Wiebe Meijer

Op de ledenvergadering van de Feriening foar Doarpsbelangen 7 april j.l. werd alweer voor de derde keer de Warbere Mouners Prys uitgereikt. De prijs is bestemd voor personen die zich inzetten voor de dorpen en de dorpsbewoners van Mûnein en Readtsjerk
De winnaars van 2014 waren de Fam. Haantjes voor hun inzet als beheerders van het dorpshuis en voor het jaar 2015 werd Piet de Vries uitgeroepen als winnaar voor zijn werk van meer dan 20 jaar voor de dorpskrant .
Voor het jaar 2016 werd weer aan de bewoners gevraagd om mensen te nomineren. Er kwamen veel aanmeldingen binnen en de keus viel dit keer op een inwoner van Readtsjerk.
Pyt van den Polder werd als winnaar uitgeroepen voor zijn vrijwillige inzet voor dorp en natuur.

Pyt hield zich bezig met de organisatie voor een noflike jûn voor de inwoners van Readtsjerk. Hij veegt de voetpaden schoon in het bos, en neemt bij deze bezigheid de gevonden rommel mee naar huis. Voor de natuur in de omtrek van de dorpen is Pyt uitzonderlijk actief als bestuurslid van de vogelwacht Trynwâlden. Hierbij het ringen en tellen van de vogels, het maken en plaatsen van nestkasten. Zo kun je Pyt tegen komen met verrekijker en een ladder op zijn schouder en dit alles in het belang van de natuur.
Op de lagere scholen geeft hij uitleg en educatie over de natuur en maakt samen met de kinderen nestkasten.
De winnaar ontving een bos bloemen, een dinerbon aangeboden door restaurant De Trochreed en een blijvende herinnering in de vorm van een zilveren molentje als speldje.
De Feriening foar Doarpsbelangen bedankt Pyt voor al zijn inzet en hoopt dat hij dit nog in lengte van jaren wil doen voor het belang van de natuur in en rond onze dorpen.

Technisch Bedrijf
Tjeerdsma b.v.
Elektrotechniek - Verwarming - Ventilatie - Gas - Water - Sanitair
Zinkwerk - Dakbedekking
Al 100 jaar
OENTSJERK - RENGERSWEG 10 - TELEFOON 058-2561264 - FAX 058-2562776

CARWASH GYTSJERK

R. van Nautaweg 4b Giekerk Tel. 058-256 2211 GEEN ANDER MERK ZÓ STERK!

In Balans
Massagepraktijk

Sportmassage
Sportmassage kan u helpen bij het (sneller) herstellen na een sportprestatie of als u herstellende bent van een blessure.

Hotstone massage
Bij hotstone massage wordt gebruik gemaakt van warme stenen. De warmte van de stenen helpt spieren te ontspannen en zorgt tevens voor een betere doorbloeding.

Zwangerschapsmassage
Een heerlijke massage op een waterkussen gevuld met warm water. De massage werkt ontspannend, versoepeld uw spieren en stimuleert de bloedcirculatie van u en uw kind. Het zorgt ervoor dat u zich fitter voelt, tevens verlicht het hoofdpijn en misselijkheid.

Sjieuwke van Houten
Mounewei 21
9063 JL Mûnein
0614305676 of sjieuwkevanhouten@hotmail.com

BUURTZORG

Verpleging en verzorging thuis, ook in *uw* dorp.

Team Trynwâlden e.o.

06- 837 99 488

Warbere fûgelwachter hie neat yn de gaten

Pyt fan de Polder.

As der immen fan de Feriening foar Doarpsbelangen Mûnein/Readtsjerk my freget om ris wat te fertellen oer de fûgels yn en om Mûnein en Readtsjerk tocht ik fuort oan de fûgelwacht.
In moaie kâns om it fûgel barren ris yn't fuotljocht te setten.
Myn fêste kammeraat is meastal mei en oan de apparatuer mankearret ek neat.
Doe't de arguminten op lêzen waarden troch Wybe Meijer, bestjoerslid Feriening foar doarpsbelangen Mûnein/Readtsjerk, kaam it my al mar bekender foar en it koe hast net mear misse.
Nea by stilstien en in moaie opstekker foar wêr'st mei dwaande bist.
Wer hat Geertsje Dupon, mei Wybe fansels, der foar soarge dat ek dit sulveren spjeldsje mei leafde makke wurden is yn 't atelier fan de iennichste sulversmid fan Mûnein.

Mar sûnder de publisiteit fia de websiden fan de Trynwâlden en ús eigen wacht, foaral mooglik makke troch Hâns Dijkstra, hie myn en ús krewearjen net sa bekend west.
Wat de fûgelwacht oangiet haw ik in protte help fan frijwilligers.
Want je kinne it net allinne.
Elts dy't my hjir yn foardroegen hat tige tank hjirfoar.

Drokte yn it Bûtenfjildwykein

Grytsje Dijkstra

Yn it prachtige simmerske wykein fan 10 en 11 juny nei in pear reinige dagen woene gâns lju der wolris efkes op út. Wat trof dat moai, want tichteby hûs wie fan alles te belibjen. In jier sawat is der wurke oan it ophimmeljen fan it Bûtenfjild en útwreide mei in nije sloepkerûte, foar e-boatsjes. In moaie folder noege tige út om op stap te gean.

Yn Readtsjerk wie it mar wat in drokte op It Deel by ús pleatslike hobbyboeren Albert en Betsy. Mei de overall oan en de pet op, late Albert van der Ploeg de belangstellenden oer syn hiem en troch de stallen.
In kringloopbedriuw stie yn de folder, in bedriuw wêr't it eigen fee nei in goed libben in plakje kriget yn de friezer. Lekker fleis en farske aaikes binne te keap. Under syn

praatsje fuorre de baas de einen en sette harren wer feilich efter it hek. Yn it hok in eine-mem mei pykjes. Oan't se har sels rêde kinne meie se binnen bliuwe.

De hûn en poes skarrelje tusken de minsken troch en de boereswaltsjes fleane ús om de holle. Albert nimt syn gasten as lêste mei nij it 'mimerplak' fan de boer en syn frou. Efkes jûns oer de hikke hingje en de dei oertinke en beprate mei útsicht oer it fee en it lânskip. Wat in prachtplak!

Wat al in skoft ús oandacht lutsen hie wie it Brûsplak. Al lang hiene we socht om de oppimpte kontener die 't earne tusken Feanwâlden en Readtsjerk stean moast. Kuiers troch it gea, fytstochten en fan alles soe der wei organisearre wurde.
No soene we lang om let dêr in kear sjen kinne. No dat wie al wer sa maklik net... It buordsje oan de wei by hiemnûmer 3, sei dat it Brûsplak dêr te finen wêze soe. Yn de pleats Oer de Wiel wie wol wat te dwaan, mar dat wie net it doel. It doel wie dat Brûsplak. Op de reed stie wol in peal mei stikje karton mei Brûsplak derop skreaun. Dat doch mar fierder fytse. De pleats fan Kinderman kaam yn it sicht en fierderop wiene parkearre auto's te sjen. Noch ris goed sjen en der kaam de kontener yn it sicht. Binnendoar siet wat folk foar in praatsje. In freonlike dame lei út wat no krekt it Brûsplak ynhâldt. It kaam der op del dat it in soarte fan skûlplak foar studinten en ûndersikers is die 't yn it fjild wurkje. Wer 't se in momint efter de laptop sitte kinne, al is der noch gjin ynternet.... In protte is der oer it Brûsplak skreaun en neffens die berjochten sil it hiel wat wurde, mar as we der mei syn allen wat oan ha sille dat litte we mar yn 'e midden.

Nei in besite oan it nije bedriuw yn De Omleiding mar wer op wei nei de Trynwâlden. De meanmasine hie romte makke op it Koekoekspaad sadat men inoar wer passearje kin. By it nije slûske wie it allegearre drokte. In jong pear mei in pear berntsjes wie mei harren e- boatsje de rûte oan it befarren en woene troch de slûs. Dat dat in heel o heden is die bliken. Der moast omraak draait wurde om de doarren iepen te krijen, it wetter op peil te krijen, de doarren wer te sluten en dan pas kin men fierder farre. It wie ûndertusken allegearre publyk en it smeuïge kommentaar wie net fan de loft...dit soe mear wat foar pensionado's wêze, die hiene soks wol oan tiid.... En sa fuort hinne. In hiel fermaak.

Yn Ryptsjerk wie in foto-útstalling yn de Slachtebosk wêryn ek wurk fan ús redaksjelid Ankie hingje soe. De foto's mei gedichten wiene moai gearstalt tusken de beammen. Ek Ankie hie der moaie plaatsjes hingjen.

In aardichheid wie te sjen wat der allegearre út de blabber fiske is doe't de feart útdjippe waard. Skuon yn alle soarten en maten, glêzen fleskes, ballen, in dekseltsje fan in koperen tabaksdoaze, men kin it sa raar net betinke.
Troch De Hollen giene we wer op hûs oan mei wat rikke iel yn de fytstas.
De jûns noch efkes werom nei Ryptsjerk, wer 't in sfearfol konsert à la Amsterdamse grachten holden wurde, boatsjes mei taharkers yn de haven, minsken op stuoltsjes op de kant wylst it Frysk Senioren Orkest har klanken de loft yn blaasde. In tige slagge Bûtenfjildwykein.

Skiednis

Jan van der Zwaag

Oer in útbraak út ‘e Ljouwerter finzenis en in ynbraak te Readtsjerk

Dizze kear in ferhaal oer in beruchte ynbraak op it Healburd te Readtsjerk yn it jier 1868. Doe is er ynbrutsen by Wiltsje Oenes Bottema oan ‘e Fjildwei 5 en harren soan Meint Wiltsjes Bottema, en syn frou Gepke Uiterdyk. Dizzen wienen yn maart 1867 troud, wennen by har âldelju yn en hienen in lytse poppe fan in pear moanne âld. De ynbraak waard dien troch in stikmannich gefaarlike boeven dy’t in dei earder útbrutsen wienen út ‘e finzenis fan Ljouwert. Meardere skriuwers hawwe hjir oer skreaun, mar wy litte it ferhaal fan de âld Trynwâldster Rinze Visser oan jimme leaze. Hy hat dizze skiednis in de sechstiger jierren, dus no al wer sa’n 50 jier ferlyn, yn Frysk en Frij publisearre. Nei alle gedachten hat dizze skriuwer in âlde Hepkema-krante brûkt as bron. Om it ferhaal lêsberder en dúdliker te meitsjen is syn stik wol oanpast en hjir en dêr wat byskaafd.

Fjildwei 7. Zestiger jaren 20ste eeuw

Dat wie wat yn e' Trynwâlden, no sa'n foech hûndert jier ferlyn, om krekt te wêzen: 16 juny 1868. De hiele Wâlden wie op ien ein. Oeral hokken de minsken byinoar gear. Bynammen yn Aldtsjerk en Readtsjerk wienen hja gâns wat yn trewyn. By it weardshûs (de herberch) yn Aldtsjerk steane in stikmannich fjildwachters en in protte boargers; de fjildwachters mei in gewear en boargers mei in oar stik ark yn 'e hannen. Der binne der by mei in heafoarke, oaren mei in donggripe en ek guon mei in grouwe kneppel yn 'e fûst, wat wie dêr dôchs te rêden? Wy libje dôchs net mear yn de tiden, dat de Hollânske Grêven it op Fryslân foarsjoen hienen of yn ‘e tiid fan de partijskippen fan de Skieringers en Fetkeapers, dat dy minsken harren allegearre sa bewapene hawwe?

